

**Liturgy foar de twadde Advintssnein
yn de Sint Jan fan Deinum
5 desimber 2021**

-Oargelspel

-Wolkom en meidielings

-Introïts: Psalm 80: 1 en 2

-F. : De Hear sil by jim wêze.

-Gem.: De Hear sil jo bewarje.

-F. : Us helper is de Iviche

-Gem.: dy't himel en ierde makke hat.

-F. : Iepenje ús hert nei jo ljocht

-Gem.: en diel ús jo frede mei.

-Liet 463: 1 en 3 (steande)

-Ynlieding op it Advintsprojekt

-Oanstekken fan 'e twadde Advintskears

-It ferhaal fan Ilana

-Liet 745: 1. 2 en 4 (by wize fan Kyrie)

-Gebed foar de twadde Advint

-Profetenlêzing : Maleachi 2: 17- 3: 2

Jimme meitsje de Heare wurch mei jim gepraat. En noch

freegje jim: Wêr meitsje wy de Heare wurch mei?

Mei jim sizzen: Elk dy't kwea docht, is goed yn 'e eagen fan de Heare, en: Sokken mei er wol lije.

Of mei jim freegjen: Wêr bliuwt no dy God fan it rjocht?

Sjoch, Ik stjoer myn boade dy't foar jim út it paad reemeitsje moat;

Ynienen komt Er nei syn timpel, de Hear, om wa't jim sykje,

*de Ingel fan it ferbûn, dêr 't jim mei langst nei útsjogge.
Sjoch, Hy is op kommende wei, seit de Heare Almachtich.
Mar wa kin syn kommen ferneare?
Wa kin stean bliuwe as Hy ferskynt?*

-Liet 439: 1

-Evangeeljelêzing: Lukas 3: 1-6

*Yn it fyftjinde jier fan keizer Tiberias syn regear, doe't Pontius
Pilatus lânfâd fan Judea wie, Herodes oer it lânskertier Galilea
hearske, syn broer Filippus oer it lânskertier fan Iturea en
Trachonitis en Lysanias oer it lânskertier Abilene;
yn 'e tiid fan 'e hegepryster Annas en Kajafas,
doe kaam it wurd fan God ta Johannes, de soan fan Sacharias,
yn 'e woestine.
En hy teach troch de hiele kontrei fan 'e Jordaen
en ferkundige de doop fan 'e omkear nei de ferjouwing fan
sûnden, lykas beskreaun stiet yn it boek mei de wurden fan
'e profeet Jesaja:*

*"De Stim van ien dy't ropt yn 'e woestine:
Meitsje ree de wei fan 'e Hear,
meitsje syn paden rjocht!
Eltse kleau sil tichtsmiten wurde
en eltse berch en hichte sljochte,
bochtige paden sille rjocht
en hobbelige wegen flak wurde.
En alle flesk silt God syn heil sjen."*

-Liet 439: 2 en 3

-Oertinking

-Musyk

-Ofskie fan wykmeiwurkers Annie van Dijk en Zus Kroese

-Ynstallearje fan de nije wykmeiwurkers Jelle Bangma en
Tseard de Boer

-Liet 802: 1

-Gebed, stil gebed en Us Heit

Us Heit yn 'e himel, lit jo Namme hillige wurde,
Lit jo keninkryk komme, lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden
sa't ek wy ús skuldnders ferjûn hawwe.
En lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want Jowes is it keninryk en de krêft
en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen

-Slotliet: Liet 444: 1, 2, 3 en 4

-Seine

-F. : Yn ús hert en yn ús hûs

-Gem.: de seine fan God!

-F. : Yn ús kommen en yn ús gean

-Gem.: de frede fan God!

-F. : Yn ús libben, op ús syktocht

-Gem.: de leafde fan God!

-F. : Seinigje en behoedzje ús sa God
Heit, Soan en hillige Geast

-Gem.: Amen, amen, amen!

-By it útgean klinket "Geef licht" van Stef Bos

